



Sibrichje en Pibe : Fryske foardracht for twa persoanen

<https://hdl.handle.net/1874/216529>

mm 1903

116. P. 3
Priis 20 sinten.

SIBRICHJE EN PIBE.

Foardracht for twa persoanen.

— fen R. TOLSMA. —



W. A. EISMA Cs. — Ljouwert



SIBRICHJE EN PIPE.

Foardracht for twa persoanen.

oooooooooooo

*(De iene moat hiel great wêze, en de oare hiel lyts.
De greate yn frouljues- en de lytse yn mântljuesklean.
It fromminske moat carizer mei floddermûtse op hawwe.*

SIBRICHJE.

(By 't opkommen.) Joun jimme allegearre! Ik tink net, det jimme my kenne. Ik bin Sibrich, fen Langhûsterhoek, ja, lange Sibrich; sa wird ik altyd by úzes neamd. Myn fan is oars Langsma, myn âlde ljue binne lytse koumelkers, sjochje? Myn heit is in folle broer fen Oept, en myn mem in folle sister fen Kekke, sjochje? Nou: Oept en Kekke, dy kenne jimme fensels wol, dy binne hast oeral wol bikend, is 't sa net? En om nou mar koart to gean, woe 'k jimme fortelle, det ik foar in wike ef seis trouw bin. Ik hie der al hwet lang mei wachte, hwent ik bin mei Sinteklaes 33 jier wurden. Ja, ik siz, der hwet lang mei wachte, mar det learde my de tiid ek, om't ik noait earder oansiik krige. Us mem sei, det scoe dêr wol fen komme, det 'k sa ûnbidige lang bin. Mar afijn, ik haw nou dochs in man. Mar hwet it brykste der fen is ja, ik moat er wol om laitsje, hwent dy is sa ûnnoazele lyts, det, as wy by'noar steane, den liket det raer, det siz ik jimme. Nou scille jimme grif wol freegje: „Ho hawwe se elkoar foun?” Det scil 'k jimme yn 't koart fortelle.

Foar in foech jier kamen syn âlde ljue neist ús to wenjen. Nou, sadwaende makken wy jouns nei 't wirk

wol gau ris in jounpraetsje en fornamen beide al gau, det de iene wol in ³wiif ha woe en de oare in man; dos as 't wêze moast, den koenen wy elkoar helpe, is 't sa net? Wy wisten beide ek wol, det wy net to kar gean koenen, omdet it jongste fen ús ôf wier en de iene to great, en de oare to lyts wier, det wy seijen: lit ús de lappen mar by'noar smite, den binne wy beide holpen, hwet de iene yn langte to koart sjit, det hellet de oare wer oer, en sa krigen wy de gemiddelde miette, is 't sa net? En sa ha wy elkoar foun en binne boaske, en wy kinne oan dizze tiid ta tige by tige bêst. En nou liezen wy koartlyn yn 'e krante, det hjir dizze joun in feest wêze scoe. Do sei ik tsjin myn lytse Pibeman, hwent sa hjit er, astou er sa oer tinkste as ik, den woe'k dêr wol ris by sjên. Pibe sei: „Ho giet det sa hwet?” Ik sei: „Det scilst wol sjên, as't er biste, mar it foldocht dy grif goed”. Do sei er: „Nou, den moatte wy er mar hinne”, en sadwaende binne wy hjir nou. Pibe is in bytsje bleu útfallen moatte jimme tinke, omreden, det er net folle fen syn libben ûnder de minsken wêst hat. Syn heit en dy hawwe sawet in 35 jier fêst boere-arbeider wêst, midden yn 't lân, en Pibe kaem nearne by, sadwaende, sjoch jimme? (*Hja wiist nei de doar.*) Nou stiet er hjir bûten effen to wachtsjen, oan't ik him rop. Ik moast earst de boel mar ris effen troch 't gat sjên, sei er, en den him mar roppe. Nou scil 'k de greate reus den mar ris helje. (*Hja giet nei de doar.*) (*Tsjin 't folk.*) Mar ús net al to bot útgânize, hear! (*docht de doar iepen.*) Bist' hjir Pibe:

PIBE. (*efter de skermen.*)

Ja ik stean hjir.

SIBRICHJE.

Nou moast hjir mar ris komme.

PIBE (*in stap neijer, komt yn 'e doar en kipet om 't hoeke nci 't folk.*)

O heare Sibrichje, hwet in minsken.

SIBRICHJE (*krijt him by de arm
en lûkt him op 't toaniel.*)

Det is gjin byt allegearre. Dy minsken scille dy net opite, (*Hja lûkt him nei foaren.*) Nou, hjir is er nou; hwet sizze jimm' er fen? Is 't net in aerdich keareeltsje? (*Pibe sjocht mar by Sibrichje op.*) Nou Pibe, nou moast dy minsken ek fetsoenlik goe-joun sizze.

PIBE.

Allegearre mar ien for ien, ef mar tagelyk.

SIBRICHJE.

Hwer hast it oer, ien for ien, den hiest ommers wol in ûre wirk. Dou seist mar yn ien sike: goe joun, mei'enoar.

PIBE.

Bêst, goe joun mei'enoar. (*hy knikt.*)

SIBRICHJE.

Moai sa, mar nou moast dy ek in bytsje bikend meitsje, host' hjitst? en dyn komôf en sahwet.

PIBE.

Goed, dou moast mar sizze, ho 't it moat. Nou, minsken, ik hjit lytse Pibe, sa neame se my altyd, om 't ik sa koart bin. Mar myn fan is Dappersma, ja, Dappersma. Us heit en mem ha my wol ris forteld, det ús pake him yn 'e tiid, do 't wy ûnder it Frânske jûk wei komd binne, sa dapper hâlden hie, en det wy dêrtroch dy fan krigen hawwe, sjogge jimme? (*Pibe hâldt him effen stil.*)

SIBRICHJE.

Nou, dyn komôf scoest' ek fortelle net? (*Pibe sjocht gemoedelik by hjar op.*)

PIBE.

Myn kom ôf..... ja..... nou..... hwer 't ik fen 'e moarn ôf kommen bin, wol, fen 't bêd, en do fen 'e souder, hwent dêr sliepe wy fensels, omdet er yn 'e keamer gjin sliepstêden binne. (*sjocht mar wer by Sibrichje op.*)

SIBRICHJE (*jowt him in dûst.*)

Fij..... sokses, is det nou in forhael fen dyn kom-ôf. Dou moast fortelle fen dyn bernetiid ôf, hwerstou berne biste en hwerst' nei skoalle gien haste, en hwetst letter útfierd haste en hwet jim heit en dy binne en sa hwet. Mar fen 't bêd en fen 'e souder, hwet kin det dy minsken hjir skele.

PIBE.

Soa..... moat it sa, nou, ek al wer goed. Nou, ik bin berne to Langreidegea en yn in hiel lyts húske, ha myn âlden my forteld. En do 't ik to wrâld kaem, bliek it al gau, det ús mem gjin tate for my hie. Mar hja hienen lokkich in lyts geitsje, det hiele bulte málke jowch, sei ús mem en do hawwe se my dêr mei opwoutere. Heit hat wol gau ris sein, det er grif leauwe woe, det ik sa lyts bleaun bin, omdet det geitsje sa lyts wier.

SIBRICHJE.

Dou hoechst' al dy skiterige dingen er net by oan to heljen. Dou moast it de minsken koart en bounich fortelle, oars komt er gjin ein.

PIBE.

It is ek noait goed, nou seit men to min en den wer to folle; nou, den scil 'k mar mei myn skoalletiid bigjinne. Fynst it goed Sibrichje?

SIBRICHJE.

Ja, tige bêst.

PIBE.

Op skoalle sei master gau ris: „Pibe is klein, maar dapper”. Nou, det mocht ik graech hearre. De earste trije jier hab ik altyd hollebrekken hawn mei it a-bie-boek, mar do siet it er ek for goed yn.

SIBRICHJE. (*tsjin it folk.*)

In oannimmelige kwekeling for master, nou?

PIBE.

Hâld dyn tût nou, ik bin oan 't wird. (*hy sjocht by Sibrichje op*). En do krige 'k in boekje, det stie fol mei la, fa, ma, ka en sa hinne, dêr ha 'k ek trije jier mei omsukkele en do siet det er ek yn.

SIBRICHJE.

Hiel geskikt om lid fen 'e rie to wurden, hwette?

PIBE.

Hâld dyn smûl nou hwet, oars hâld ik my stil, hear. (*Sibrichje rint hwet hinne en wer mei de hannen oer elkoar foar 't liif.*) Mar do krige 'k in boekje mei lange wurden, dêr ha 'k noch twa jier yn leard, mar det wier my to mânsk. Nou, rekkenjen, dêr is fensels neat fen komd, mar dêrom wit ik wol, det twa kear twa fjouwer is en det in goune hûndert sinten hat, nou, den is 't al lang moai, is 't sa net? Nou ierd-rykskinde, dêr hear ik se den ek wol ris oer, mar it kin ús suver neat skele, ho folle stêdden en doarpen as er yn 'e wrâld binne, hwet seistou oars Sibrichje?

SIBRICHJE.

Né, hear, det lit ús kâld, dy greate geleardens, dêr sjitte wy neat mei op, wy moatte it fen arbeidzjen ha, en det kinne wy beide goed.

PIBE.

Sa 't Sibrichje seit, det kinne wy út 'e pin, Do 't ik fea skoalle kaem, wier myn earste wirk skytbûtse, stikelstekke en stiensiikje. Nou, det slagge my bêst, dêr wier 'k handiger yn, as yn 'e boeken fen master. Skiepmelke en earpelskile ha 'k ek goed leard.

SIBRICHJE.

En earpel ite ek.

PIBE. (*sjocht wer by hjar op.*)

Kinst' dy al wer net stil hâlde? En nou jow 'k er net sa hiel folle om, det ik hwet lyts bin, hwent it measte wirk is by de groun, is 't sa net? En elts-en-ien wol my graech yn 't wirk hawwe.

SIBRICHJE.

Sa 't Pibe seit, hy kin tige by tige bazen krije en hâlde.

PIBE (*zuiist nei Sibrichje*).

En Sibrichje is meastal út to húshimmelfen by lytse en greate boargerljue, hwent dêr is hja geskikt for, moatte jimme tinke, omreden det hja mar hiel seldom in trep hoecht to brûken, det is noflik is 't sa net?

SIBRICHJE.

Sa hat it ek altyd syn goede side wer, as men hwet lang ef koart is, hwette?

PIBE. (*Sibrichje oansjênde.*)

Dêr hastou it, Sibrichje.

SIBRICHJE. (*hwet mei de hannen op 't liif omwirkje en hwet hinne en wer skeuke mei 'n blier gesicht.*)

Nou scil ik jimme ek noch hwet fen ús frijerstiid

fortelle, (*tsjin Pibe*) en den moatte wy aenstons ek nei hûs, Pibe.

PIBE.

Ja, det moatte wy, hwent it is moarn bytiid wer dei for ús. Mar dy frijershistoarje scoe 'k mar net fortelle wol? hwent dêr komme sokke rare grappen yn foar.

SIBRICHJE.

En dêr just om, wy binne joun út for ús plezier en al dy minsken ek en den falle grappige forhaeltsjes altyd wol yn 'e smaek.

PIBE.

Nou, to den mar, mar den moast alles net fortelle.

SIBRICHJE.

Hwet wost' der mei sizze?

PIBE.

Dy stove-grap, dy net, tocht ik.

SIBRICHJE.

En det is just it moaiste, jonge.

PIBE.

Nou, den moast' it mar witte (*hy rint hwet hinne en wer to skeuken*) ik bin nou al slop fen gnizen.

SIBRICHJE.

Nou do 't ús frijerij sa hwet to mûk losrekke, dienen wy det jouns yn 't donker by úzes efter.

PIBE.

Ja, sa 't Sibrichje seit, det hienen wy den jouns as 't donker wier, efter út. Jonge, jonge, hwet hienen wy den in wille.

SIBRICHJE

Wis, hienen wy det, mar hâld dy nou effen stil. Wy hienen der efter úses in âlde hinne loop.

PIBE. (*hy rint hinne en wer en is slop.*)

O heare ja, nou komme de grappen oan.

SIBRICHJE.

Hâld dy nou effen stil. Dêr hie 'k de lytse man den op sitten, en ik stie dêr den sa lang as ik woechsen wier, foar, en den frijden wy mar, det it klapte.

PIBE.

Ja, 't is sa 't Sibrichje seit. Hwet hienen wy in wille. Ik ha letter wol ris tocht: dêr moast in petret fen makke wêze.

SIBRICHJE.

Nou, wy hienen al sa hwet in wike ef fiif efterút ús frijerij foartset. Mar op in (*Hja wirdt slop fen laitsjen en Pibe ek.*) ik moat earst effen laitsje . . . Ja.

PIBE.

Ja, ik ek; it liif docht er my nou hast al sear fen.

SIBRICHJE. (*forfolget.*)

Mar op in kear springt de lytse reus wer op 'e âlde hinne loop en ja man, der pardoes troch mei syn lytse maes, sadet syn knibbels en kin by'enoar to lânne kamen.

PIBE. (*laitsjende.*)

Ja, as 'k dêr noch goed om tink, den bin 'k noch slop fen laitsjen, mar do 't barde, hie 'k it smoar yn.

SIBRICHJE.

'En do scoe 'k him er út helpe en, och heare, dêr truzelt 'r der hiel en al troch.

PIBE.

Ja, en do kaem it mâlste noch oan.

SIBRICHJE (*kin 't hast net fortelle,
sa slop is hja.*)

Hy rekke mei syn lytse poepert yn in greate panne
mei drinkwetter for 'e hinnen. (*hja klaft yn 'e hannen.*)

PIBE.

Ja, it wier wol trije kear sa slim as det men yn 'e
broek pisse hat, mar ien gelok, ús mem hat er niks
fen mirken, hwent it wier krekt fen det moaije droech-
jende waer, det it spiltsje wier de oare moarns wer
droech.

SIBRICHJE.

Sûnt dy tiid is Pibe den mar geregeld by my oan
hûs komd. Mar do ha wy ek in rare set bilibbe.

PIBE.

Ja, nou wirdt it noch moaijer, det siz ik jimme.

SIBRICHJE (*spant hjar hwer yn
om it to fortellen.*)

Nou moastst' dy wer effen stilhâlde. Wy habbe it ris
bilibbe op in Snjeon- en Sneintonacht, hwent Pibe
kaem altyd Snjeontojouns by my. Nou, as wy den
by'enoar sieten, den hie 'k in stove op 'e stoel stean,
en dêr siet 'e lytse man den op.

PIBE (*laitsjende.*)

Sa 't Sibrichje seit, dêr siet ik den op.

SIBRICHJE.

Nou, stil mar effen, den kamen ús boppe-einen hwet
better by'enoar, is 't sa net?

PIBE. (*slop fen laitsjen.*)

O ljeave santjin, nou komt it oan.

SIBRICHJE.

Stil effen. Nou, do hienen wy it ris op in kear, it hie dy Snjeons frij hwet waerm wêst en wy hienen 't noch al hwet drok hawn, en it wier de nachts ek noch fen det dodzige waer, det wy foelen om in ûre ef ien beide sahwet yn 'e sliep.

PIBE.

O heare ja, ho koe 't sa mâl.

SIBRICHJE.

Det Pibe trúzele hals oer 'e kop fen 'e stove boppe op 'e thêstove en tsjettel en ik er boppe op, lokkich, der wier gjin hjit wetter yn.

PIBE.

O heare ja, hwet waerd ik kjel, ho koe 't sa bryk.

SIBRICHJE. (*pûst effen út.*)

Nou, troch det heislike libben fleagen ús heit en mem fen 't bêd, det kin jy bigripe.

PIBE.

Ja, it is, as ik jimme heit der noch stean sjoch, mei de sliepmútse op en jim mem yn hjar springrokje; hwet grappen net?

SIBRICHJE.

Do sei ús heit, wit ik noch wol, det hy op sa'n menear syn nocht hie fen ús frijerij, det, as it goed tinken mei ús beiden wier om to boaskjen, den woed er wol, dat wy er mei foart makken.

PIBE.

Ja, en jimm' mem sei krektlyk, wit ik noch wol,
hwent myn sliep wier do for goed wer út en do ha
wy it foart dêrnei ek dien, n't Sibrichje?

SIBRICHJE.

Ja, en nou scoe 'k sizze, scille wy noch in lyts stikje
sjonge en efkes dounsje, en den moatte wy nei hûs,
PIBE.

PIBE.

Tige bêst, den moastou mar ynsette.

SIBRICHJE (*sjongt.*)WIZE: *Oept en kekke.*

Nou ken jimm' greate Sibrichje
Omtrint saun foetten lang.

PIBE (*sjongt.*)

En dêrby lytse Pibeman,
Ien fen de lytste rang.

(Togearre en bigjinne to dounsjen.)

De iene lang en de oare koart
En det hindert ek gjin spier,
Mar wy binne den nou dizze joun
Ris út for ús plezier.

SIBRICHJE.

Wy kinne tige, leau det fêst,
En det 's fen great bilang.

PIBE.

Wy dogge beide goed ús bêst,
En binn' fen 't wirk net bang.

(Togearre as foaren.)

SIBRICHJE.

Ik meitsje by de boargerljue
Al folle 't hûs hwet skjin.

PIBE.

Ik meitsje den om hûs en hear
De boel hjar goed nei 't sin.

(Togearre as foaren.)

SIBRICHJE.

Sjoch . . . is it wirk sims frijhwet heech,
Den is det meast myn plak,

PIBE.

Ik siikje 't meastal mar omleech,
Sims yn 'e wetterbak.

(Togearre as foaren.)

SIBRICHJE.

Sa past de iene bêst omheech,
En de oare by de groun,

PIBE.

Ja, leau mar fêst, wy redde 't wol
As wy mar bliuwe soun.

(Togearre as foaren.)

SIBRICHJE.

Nou minsken, nou moatt' wy nei hûs,
Hwent wy moatt' strak op bêd.

PIBE.

Wy ha oars wille by de rûs,
En wird' det hast net sêd.

(Togearre as foaren.) (*sf.*)

By 't werom roppen.

SIBRICHJE.

Ik sei tsjin Pibe, nou is 't bryk,
Wy ha net n'avent sein.

PIBE.

Ik sei: myn bern, dou hast gelyk,
Wy bin mar hird foart flein.

(Refrein as foar.)

SIBRICHJE.

Nou, navent minsken en folle plezier.

PIBE.

Ja, ek goeije navent, en as jimme ris wer
In pretsje ha, komme wy for fêst ris wer. (*sf.*)

UT.